

Aanvullend jaar verslag 2020 – 2021 Jierfergadering PB Nij Beets 2021, 29 maart

Jierferslach

Yn de NijBeetster fan novimber 2020 stie al in oersicht, ik jou oer de lêste moannen noch in oanfulling. Der sille bêst in pear dingen dûbel wêze.

It bestjoer van Pleatslik Belang bestiet út:

Anne-Esther Alstein, sy is sekretaris en hat Wenjen yn har portefeuille

Jolanda Kuper, sy fersoarget de notulen fan de gearkomsten en hâldt har dwaande mei Soarch en Wolwêzen.

Jan de Jong is ús skathâlder

Rick van Houten docht ek Wenjen en is ús fertsjinwurdiger by Krigel

Oer de folgjende twa by punt tsien mear.

Sjouke Zwaagstra, hâldt him dwaande mei Grien en Wegen en is hjir fanôf no ek it oansprekpunt foar.

Fokke de Roos, folget my op as foarsitter en wurdt kontaktpersoan foar de sporten En self bin ik Pieter Nauta.

Polderhaadkanaal

It kanaal is yn de winter frij makke fan grien, hjirtroch hoege de boaten net mear te sige-sagen. Foar de kommende jierren stelt de gemeente Opsterlân wer in brêgewipper oan. Ek sil de gemeente sjen nei de kommunikaasje by Skouwstraslûs. Der giet noch regelmjittich wat mis mei minsken dy't te hastich op de neadknop drukke en ek fargasten dy't snel de slûs út farre wolle.

Der is de Lêste twa jier folle oerlis mei de gemeente oer it Polderhaadkanaal en saken wurde goed oppakt. Dit wie yn it ferline moedsummer. Spitigernôch binne wy ek ôfhinklik fan Smellingerlân. Sa is ús wethâlder Jonkman foar ferrûming fan de iepeningstiden, mar wy binne hjirfoar ek Smellingerlân nedich. De belutsen ambtner hat hjiroer kontakt mei har. Wy hope dat der dit jier al mear mooglik is en geane foaral foar it oprekken fan healwei fiven nei acht oere.

It Bjinstep is yntusken skjin makke en Wieger Wagenaar sil ynkoarten de doaren fervje. Wy hawwe spitigernôch wol lêst fan fernielsucht. Wy hoopje dat de minsken út Nij Beets der mei ús op letten gean en fernielers en rotsoaimakkers oansprekke. Wy binne mei syn allen grutsk op it gebou en wolle it graach kreas hâlde. Ek krije wy regelmjittich komplimenten fan de fargasten. Foarich jier binne der 2200 boaten troch it Polderhaadkanaal fart en in protte minsken hawwe Fryslân wurdearjen leard. Wy sjogge ek dat Súd East Fryslân it Oare Fryslân goed op de kaart set en hope der mei fan te profitearjen. Nij Beets stiet ek op harren website.

Grien en wegen

Jo hawwe sjen kind dat de fytsbrêge foar in part ôfsluten is. Hjir komt in renovaasje. Der binne ûnder oaren planken ferrotte. De oare saken omtrint Grien en Wgen binne yn it ferslach fan novimber neamd. Wol sjogge wy dat de gemeente Opsterlân hat útsunige op it maaibelied. Us fraach nei de gemeente is om dúdlik oant te jaan wat sy sjogge as biodiversiteit en dit ek oan de minsken yn Opsterlân út te lizzen.

Se hawwe foar de ynwenners fan Opsterlân ek wat nijs betocht, Right to challenge en hoopje dat de ynwenners hjirtroch self it ûnderhâld oppakke wolle. Wannear'te se in goed plan meitsje foar harren buurt en dit ek meiïnoar útfiere, kinne se hjirfoar in fergoeding krije. Wy binne bang dat it wat in 'hapsnap'belied wurdt en fine dat goed ûnderhâld yn it foarste plak by de gemeente leit. Sy moatte der foar soargje dat alles op syn minst op basisnivo leit. Mar wannear't jim Right to challenge oppakke wolle foar jim buurt of in diel fan it doarp kinne jim der mear oer lêze op de webside fan de gemeente Opsterlân.

Wenjen

Hjiroer aanst mear by punt 4. Wol kin ik sizze dat dit ien fan de punten is wêr't in protte oer praat wurdt yn it doarp en wy seker wol aktyf mei dwaande west binne de ôfrûne jierren. Spitigernôch rûnen wy faak wat tsjin in muorre op by de gemeente Opsterlân omt wy net ien fan de fjouwer kearndoarpen binne en der steeds sein waard dat Opsterlân fêst siet oan it tal hûzen wat se fanút de provinsje bouwe meie. Lokkich is der no mear rûmte ûntstien en dêr hearre jim aanst oer.

Wol is ek opfallend en moai dat it sjaletpark yntusken fol boud is. It is in moaie ynfestearing, want de rinte is leech, mar de sjalets sitte ek bomfol. Der binne mar in pear yn de merke as fakânsjehûs, de rest wurdt ferhierd oan minsken dy't in wenplakje sykje. Dit jout wol oan dat der fraach is en wy hawwe inkelde kearen ek in list mei wenningsikers by de gemeente Opsterlân dellein. Hjiir wiene in protte jongeren by dy't graach yn Nij Beets bliuwe wolle.

Doarpssteunpunt

Gatske van Houten en Aukje Stob ha nei't se jierren oansprekpunt wiene yn jannewaris oanjûn dat se stopje. Wy hawwe harren in presintsje brocht foar harren ynset. Wy sjogge de kommende tiid hoe't wy dit op in oare manier oppakke kinne. Wol fine wy it spitich dat it Gebietsteam fan de gemeente Opsterlân allinnich fraachstjoerd wurket. Se soene harren mear presentearre moatte yn de doarpen. Harren doelen binne goed, mar net eltsenien kin har fine. Yntusken is der in groepke minsken yn oerlis mei Pleatslik Belang dwaande om te sjen hoe't der mear aktiviteiten organisearre wurde kinne wêr't jong en âld oan mei dwaan kinne en ek sjogge se nei't hoe wy sûner libje kinne. Dit kin bygelyks ek troch meiïnoar as frijwilligers gear te wurkjen en meiïnoar genietse en grutsk wêze op de dingen dy't wy foar inoar krije foar it doarp. Mar jo kinne bygelyks ek tinke oan meiïnoar kuierje of sûn iten side. Yn de lêste NijsBeetster stie al in opwaarmer ûnder it kopke 'Perspectief'.

Code Hans en jongerwurk

It jongereinwurk is de lêste twa jier yn hannen fan Code Hans. Jolanda Kuper ûnderhaldt it kontakt mei harren. It is in organisaasje dy't útgiet fan it positive. Se besykje aktiviteiten te betinken foar en mei de jongeren. In pear wiken lyn wie der bygelyks lasergamen op it parkearplak fan It Damshûs. Santjin jongeren hawwe

harren tige fermakke. Troch sa mei jongeren om te gean besykje se harren hoop te jaan yn dizze pittige tiid en harren te stimulearren om moaie dingen op te pakken.

Frijwilligers

Nij Beets is in doarp wêr't in protte wurk ferset wurdt troch frijwilligers. Wannear't ik bygelyks by myn hûs nei bûten sjoch nei it Damshûsterrein is der altyd aktiviteit, der wurdt snoeid, brêgen fernijd en gean sa mar troch. Mar ferline wike seach ik ek we rit ploechje mannen dy't dwaande wienen mei it ôfbrekken fan it Beetster skûtsje. Wy hiene dizze winter wer in moai ferljochte brêge en skûtsje by it kanaal, top. Ofrûne sneon ha de opbouwers en ôfbrekkers in presintsje hân fan Pleatslik Belang.

Mar ek by de huldiging fan Femke Kok, wiene der minsken spontaan dwaande om de spandoeken op te hingjen en dizze selfde mannen wiene al drok op de iisbaan wêr't dit jier lokkich wer riden wurde koe.

It Trefpunt draait mei frijwilligers, de boarterstún wurdt ûnderhâlden troch frijwilligers. Foarich jier koe it swimbad lokkich dochs yn de simmermoannen iepen troch mear dan 50 frijwilligers. It fernijde beachfoljebalfjild waard wer optúgd troch frijwilligers, de minsken fan de enerzjykoöperaasje Krigel ha ferline jier ferskillende aksjes hân en yn dit lumige jier troch it covid-19 firus hawwe in protte minsken om harren buorren en neisten tocht

Fanút Pleatslik Belang wolle wy al dizze minsken hertlik tank sizze. Meiïnoar soargje wy derfoar dat wy in leefber doarp bliuwe.

Sport

De ferieningen ha it swier om't der weinich mooglik wie. Lokkich hawwe wy fanút Pleatslik Belang mei it swimbad meitinke kinnen om it swimbad dochs koronaproef iepen te krijen yn de simmer. De reaksje út it doarp wie geweldich en ek finansjeel hawwe se troch de folle ferkochte abonneminten in goed jier draait.

En wy hawwe mei buurtferiening Tusken Bank en Brêge, Blue Boys en de IIsklub Eendracht Femke Kok yn it sintsje set mei blommen en in moaie kleanbon. En seker binne wy supergrutsk op Femke.

NijsBeetster en website

Us doarpskrante krige in dikke plûm yn de Sa. Dit is terjochte, want wy ha in moaie NIjsBeetster mei ynteressante artikels. It falt op it stuit net ta om genôch kopij te krijen, want der binne minder aktiviteiten, mar it slagget dochs elke moanne mar wer om in doarpskrante foar inoar te krijen, tank hjirfoar.

Foarich jier ha wy mei Paul neitocht oer in nije website. Mar nei ferskillende oproppe koene wy gjin minsken fine om in nije website up to date te hâlden foar in langere periode. Dêrom hawwe wy tegearre met Gjerrit Andela nijbeets.info neisjoen en update. Gjerrit is ek sa'n frijwilliger dy't al jierren dwaande is.